

Oan ús kriteleden,

It nije krite boekje fan de krite "Troch de Tael Forboun" út Hoarn , leit wer op de doarmatte.

It nije seizoen giet oan. En as bestjoer hoopje wy jimme wer moaie jûnen te bringen. Ik bin bliid ,dat it wer wat normale temperatueren binne. Wat is der swit fage .We hawwe ús net sa drok makke. Ik tink, dat elts in simmer hân hat mei folle sinne. Mar der wie ek fertriet en der foelen triennen. Ik hoop dat de sinne se droege hat.

En as wy der net op út koene, wier der thús ek grif wol wat moais op Omrop Fryslân. Sa wiene wy nei it Freulekeatsen yn Wommels. It wie tige waarm. Mar wy sieten op de tribune en der wie it lekker koel. De Freuleparty is foar jonges fan 14 oan`t en mei 17 jier. It wie de 120e kear.



Yn 1902 fûn freule de Vos van Steenwijk it keatsen foar jonges sa moai. Se wie yn Wommels útfanhûs en se betelle de 3 gouden horloazjes foar de earste priis, de 3 sulveren foar de twadde priis en de 3 nikkelen horloazjes foar de tredde priis. Hja is nea trouw west en nei har dea kam it jild yn in stichting. En noch altyd wurde de klokjes dêrút betelle. Se hie wol har betingsten. Ien partuer fan 3 jonges út in doarp of stêd. Der mocht net flokt wurde . Ek mocht der gjin alkohol skonken wurde op it fjild. Dat is noch altiten sa. Hawwe de jonges ien kear in klokje wûn, dan meie se net wer mei dwaan. Sa`n dei is suver in reuny. Prachtich. Wy geane der sa no en dan hinne.

Dan koene wy ek genietsje fan 14 dagen Skûtsjesilen op de Fryske wetters en op tv. Wat is Fryslân dan moai en seker mei moai waar. No binne der allegearre E.K.`s . En sa hoege wy ús net to ferfelen as we de doar net út kinne.



No is it begjin septimber en it bestjoer fan de krite "Troch de Tael Forboun " noeget har leden út foar de ledegearkomste op freed 23 septimber om 20.00 ûre yn de Huesmolen te Hoarn.

Alles oer ús krite fertelle wy dan en de leden kinne sizze oft wy it goed dien hawwe it ôfrûne seizoen.

En wy fertelle jimme wat oer it kommende seizoen.

Foar de earste twa jûnen binne we al slagge.

Yn it boekje lêze jimme ferslaggen en fansels ek it finansjele ferslach fan ús ponghâlders. Altyd noch kinne wy it aardich oprêde. Alles wurd djoerder en sa ek de jûnen. Wy binne bliid mei ús tûke ponghâlders.

De wurklist foar 23 septimber fine jimme yn it boekje en ek de nije data fan ús kritejûnen.

Wy hoopje jimme allegearre to sjen.

Ek mei út namme fan de oare bestjoersleden tige de groetnis.

Tiny Dijkstra - de Vries

Eppy Kloezen ferstoarn.

Op 3 juny is ús âld foarsitter, Eppy Kloezen, yn Hoarn ferstoarn. Eppy is 11 jier foarsitter west fan de krite "Troch de Tael Forboun". Mar al jierren der foar wie Eppy tige warber foar de krite. Folle hat hy dien foar de toanielploech. It opbouwen fan de dekôrs, it lûd en alles wat der bykomt.

De toanielploech hat noch op toernee west nei Canada. Dat wie in prachtige reis ,nei al dy Friezen om ústens dy al hiel lang fier fan Fryslân wenje. Minke wie ek mei en ek de spilers harren partners mochten mei.

Lang om let waard Eppy foarsitter en hat ek doe folle betsjutten foar de krite. Altyd op en paad foar in stik of oars wat. Gearkomsten bywenje en al wat der mear op syn paad kaam.

Dit alles mei de oare leden fan it bestjoer.

Doe`t syn sûnens it net mear taliet, hat Eppy it stokje oerdroegen. Eppy waard earelid fan de krite "Troch de Tael Forboun".

Wy winskje Minke folle sterkte no`t hja sûnder Eppy fierder moat.

Tiny Dijkstra – de Vries, út namme fan it bestjoer.

RABO Club Support Actie.

Dit jier komt der wer in RABO Club Support Actie. Wy moatte wer safolle mooglik stimmen sammelje foar ús Krite. Dy stimmen binne jild wurdich! Hoefolle, dat wurdt yn oktober bekend makke. Allinne leden fan de Rabobank West Fryslân kinne stimme. As jo as partikulier persoan in rekken ha by de Rabobank West Fryslân, kinne jo lid wurde. Hawwe jo in “ en/of rekken”, dan kinne jo beide lid wurde. Dit kostet neat en kin ienfâldich regele wurde fia it ynternet bankieren.

Fansels kinne jo ek efkes skilje of nei in kantoar fan de Rabobank gean om dit te regeljen.

Jo kinne stimme fan 5 oant en mei 27 septimber 2022. We hoopje dat jimme sels yn ‘e gaten hâlde wolle, wannear ’t jimme de stimkaarten krije en dan safolle mooglik op de Krite stimme fansels.

Ek jimme kunde, buorren, famylje, freonen, ensfh. kinne jimme fersykje om op ús te stimmen.

Mochten jo noch fragen ha, dan kinne jo fansels kontakt opnimme mei ien fan de bestjoersleden Popke Slange of Harmke Burggraaff

Ferslach fan de jiergearkomste fan 25 septimber 2021

We kinne werom sjen op in noflike jûn. Neist it bestjoer wiene 20 leden nei de Huesmolen kaam.

De foarsitter iepent de jûn mei it weromsjen op in nuvere corona tiid . It is oardel jier lyn dat we as krite byinoar kamen. (28 febrewaris 2020, lytse jûn). Mar we sjogge ek foar út want yn novimber bestiet de krite 110 jier!

Dernei betinke we de fiif minsken die de ôfrûne twa jier ferstoarn binne.

We rinne rap troch de wurklist hinne.

Ferslach jiergearkomste 2019.

De skriuwer lest it ferslach fan de jiergearkomste fan 27 septimber 2019 foar. Der binne gjin opmerkings en de oantekens wurde goed kard.

Ynkommen stikken.

Der is ien ynkommen stik en inkelde ôfberjochten (Frou Tine Bouman, frou Alie Duiker , Jetske en Marinus Leenstra, Harmke en Paul Burggraaff en de hear Fokke Eijzenga).

It ynkommen stik giet oer de AG en M&Y middei , 9 oktober 2021 yn Harderwyk. Neist in oantal bestjoersleden giet ek ien fan de leden nei Hurderwyk.

It bewâld fan it bestjoer.

Douwe is de 2^e foarsitter en Harmke de 2^e ponghâlder. Renske soarget foar de PR en hat de nedige kontakten mei toanielploegen, minsken fan kabaret en sjonggroepen. Popke is al jierren ponghâlder. Jetske soarge mei har Marinus (die net yn it bestjoer sit) foar de boekjes. Mar dat giet no net mear om't hja nei Glimmen (tichteby Grins) ferfarren binne. Tiny is al wer inkelde jierren foarsitter fan 'e krite en wol dit jier noch wol trochgean. Jan is de skriuwer en hat it lêste boekje dien. Dan binne der ek noch inkelde minsken die net yn it bestjoer sitte mar wol wichtich binne. Tine Bouman soarget foar de "noed en soarch pot". As der immen siik is, skilje Tine efkes sa dat hja in kaartsje stjoere kin. Diny Boonstra soarget foar de prizentafel en de sealpriis op 'e grutte jûnen. Anjo Boonstra soarget foar it muzyk op de grutte jûnen. En dan net te ferjitten alle minsken die de boekjes rûn bringe.

Foarich jier en dit jier binne Harmke, Renske en Douwe ôfgeand. Der binne gjin nammen binnen kaam sadat dizze minsken op en ny ynhierd wurde. Tiny hat 2 jier lyn sein dat hja yn 2020 stopje Woe mar troch de nuvere tiid die we efter de rêch hawwe , bliuwt hja dit jier noch. Yn septimber 2022 hâld hja op.

Finansjeel oersjoch.

Yn it boekje steane de sifers fan 2020-2021 mar Popke hat de sifers oer 2019-2020 foar ús printe . It

is allegearre dúdlik. Tige tank dat de measte minsken it ledejild gewoan betelle hawwe. Om't der gjin toanielploegen west binne en we gjin sealhier betelje moasten is de krite foarút buorke. We beslute dat ledejild en tagongsprizen it kommende winterskoft lyk bliuwe. It ledejild bliuwt €15,00. Foar in grutte jûn bliuwe de leden €5,00 beteljen en net-leden €12,50.

Rekkenopnimmers.

De rekkenopnimmers (Elly Bouma en Alie Duiker) hawwe de ponghâlder net op flaters betraapje kinnen. Hja hawwe de boeken fan 2019-2020 en 2020-2021 neisjoen. It seach der kreas út. Pyt van Straten nimt Alie Duiker har plak yn as nije rekkenopnimmer.

Wat sil der barre yn it winterskoft 2021 – 2022?

It program foar kommand winterskoft is omtrint rûn. Op 30 oktober komt It Akkrumer Dream Theater nei Hoarn mei it stik Doazen. Foar 22 jannewaris stiet ProRege (Holwert) op it program en op 26 maart komt it kabaretselskip Noordenbos en Ko nei Hoarn. Foar de lytse jûn (25 febrewaris) komt mooglik de hear Kamstra it ien en oar oer Fryske (portret) skilders fertellen.

Omfreegjen.

As immen in toanielselskip, kabaret ploech of sjongkoar wit en tinkt dat is wat foar de krite jou it troch.

Sluting.

Tsjin njoggenen kin de foarsitter dit part fan ' e jiergearkomste ôfslette.

Nei it bakje kofje mei koeke gean we mei-inoar yn petear hoe as wy it ôfrûne corona jier belibbe hawwe De ien hat in protte fytst, de oare hat puzzels lein (bytiden mear as 1000 stikjes) in oaren seach mear nei de tillefyzje as foar maart 2020 en wer in oaren ien hat in protte boeken lêzen

Troch dat eltsenien ek wat seit oer wer hy / sy berne is en hoe lang as er al bûten Fryslân wennet leare we elkoar ek wat better kennen.

Wurklist

- Iepening troch de foarsitter.
- Ferlach fan de jiergearkomste op 25 septimber 2021.
- Meidielings en ynkommen stikken.
- It bewâld fan it bestjoer.
- Finansjeel oersjoch 2021 / 2022.
- Ferlach rekkenopnimmers .
- Beneame fan in nije rekkenopnimmer.
- Bestjoerswiksels: Frou Tiny Dijkstra- de Vries en de hear Jan Vogel binne oan bar om ôf te gean en binne op 'e nij yn te hieren.
Kandidaten kinne harren in wike foar de gearkomste opjaan by it bestjoer.
- Wat sil der barre yn it winterskoft 2022-2023?
- It omfreegjen
- Sluting fan it saaklike part fan de gearkomste.

Nei it skoft Frysk Bingo.

Finansjeel oersjoch 2021 – 2022

Ynkomsten	2021/2022
Saldo	5043,30
Kontribúsje leden	1350,00
Kaartferkeap oan 'e seal	197,50
Advertinsjes yn it kriteboekje	505,00
Opbringst ferlottings	645,00
Cadeau FBoU	50,00
Ferkeap fan oranjekoeke/prizen	71,70
Rinte sparrekken	0,31
Totaal	7862,81

Útjeften	2021/2022
Sealhier	495,55
Prizen ferlottings	351,94
Porti, drukwurk,tillefoan	227,36
Sprekkers, toanielselskippen,film	812,08
Lidm.skip FBoU	57,50
Muzyk	100,00
Bankkosten	139,20
Blommen jubilea ,ôfskied	49,90
Konsumpsjes	272,50
Traktaasje oranjekoeke	135,00
Reiskosten bestjoer	30,00
Sparrekken	3066,54
Saldo kas	206,75
Saldo bank	1918,49
Totaal	7862,81

Saldo kas	€ 206,75
Saldo bank	1918,49
Sparrekken	3066,54
Saldo 2021-2022	€ 5191,78
Saldo 2020-2021	5043,30
Foarút buorke	€ 148,48

Koart ferslag fan it jier 2021-2022.

Nei in tiid dat er hast neat koe fanwege corona is it dochs mooglik om de jiergearkomste op 25 septimber 2021 te hâlden. Ek de earste grutte jûn , 30 oktober 2021, slagget tige. It Akkrumer Dream Theater is nei Hoarn kaammei it stik "Doazen". We fiere dizze jûn dat de krite 110 jier âld wurden is. De foarsitter fan it FBoU oerlanget in slûfke.

Mar dan slat op en nij corona ta. Pro Rege kin op 22 jannewaris net komme. Er is gjin krite jûn! Noordenbos & Ko kinne op 26 maart net komme . om't ien fan 'e spilers corona hat. Dizze jûn wurdt de film "De Gouden Swipe" draait. De lytse jûn op 25 febrewaris mei Douwe Kamstra koe al troch gean. Yn it kommende winterskoft steane Noordenbos & Ko en Pro Rege beide op de wurklist.

De wurklist foar it kommende winterskoft 2022-2023 sjocht er sa út:

23 septimber 2022	Jiergearkomste
29 oktober 2022	Kabaret fan Noordenbos en Ko mei "Gjin C Te Heech"
21 jannewaris 2023	Toaniel fan Pro Rege mei "Yn 'e Keetring"
17 febrewaris 2023	Iytse jûn:.....
Freed 24 maart 2023	3 ^e grutte jûn:

FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Bestjoer Fryske Krite Hoarn

- Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail: ak.dykstra@quicknet.nl
- 2^o Foarsitter: Douwe Hoekstra
Till.: 0229-211749
e-mail: ddhoekstra@kpn.nl
- Ponghâlder en Lede- administraasje: Popke Slange
Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com
- Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com
- Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkenrenske@gmail.com
- Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 0229-238284
e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.com
- Eareleden: De hear Popke Slange
- Lief en leed: Tine Bouman-Westra Till.: 0226-353385
- Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn



Fierljeppen